

Canis Domini

De hûn fan de Hear.

Sûnt it netsje mei de grutte, oranje sinesappel en in stikmannich wâlnuten mei sûkelarje-aaikes der yn, net mear yn 'e moade is, is Peaske foar my net mear wat it eartiids wie. As lytse bern gyngen wy doe ier en betiid nei pake en beppe en skoaiden om noch in pear hânfolle sûkelarje-aaikes.

Dêr wienen wy sljocht op, want arbeidersbern krigen net in soad snobbersguod.

Doe wie de loft altyd like blau en de blommen hienen mear kleur en rook as hjoed de dei.

En nei it sop mei margebonke, waard op twadde peaskedei de âlde tradysje fan it nûtsjitten yn stân hâlden.

Alhoewol't wy elk jier noch nûtsjitte, liket it oft de setangel, de blidens der wat ôf is.

De loft binne ek net mear sa blau en de sinne skynt ek oars. En no bin ik net sa'n peaskeman mear.

Op, "Daar juicht een toon..." en de "hosanna's" en "halleluja's", ha'k it net mear sa stean. Ik fiel mei der ûngemaklik by.

De 'Toan' jûchet mear en mear yn mineur. De gjalpen fan "blidens" lizze my wat te ticht by "krusigje Him".

Ik sjoch kloften minsken sûnder eagen, sûnder earen, sûnder hert en sûnder hannen...

Yn it fers "Suzanne", sjongt Herman van Veen noch altyd de poëtyske strofe oer Jezus, dy't in fisker wie. Hy sei: "As men it mar leauwe wol, dan sil de swierste stien net sinke!"

Mar de himel gyng earst iepen, doe't syn lichem brutsen wie, want hoe't er lijd hat, dat wit allinne dy fisker oan it krús.

De tsjerkeminsken sizze graach en mei oertsjûging: "Op nei Peaske!" Foar my bliuwt it lykwols noch eefkes "Goedfreed".

Want op de heuvel yn 'e fierte, steane noch altiten trije krusen. Dy't yn it midden, stiet wat heger.

En noch altiten baarnt de gielwite sinne ûnmeilydsum oer ús Golgotha...

De kopergiele loft mei opkommende swarte wolken, makket my bang. De hjitte dûnset yn wide weagen oan 'e kimen.

Gjin fûgel sjongt mear. De natuer is beëangjend stil. De stiltme is dea... En op it skaakboerd fan myn libben, tusken my en it krús, sjoch ik op fjild A8, yn ús lân de eangst foar en de agresje tsjin de Islam;

op B7 de delleine martelders, dy't noch sêft skrieme yn Afghanistan en Irak;

op fjild C6 sjoch ik de âlderein yn it fersoarchingshûs dy't gjin gesicht mear hat, mar in tiidprodukt wurden is: hierkamje 2 minuten, klean oandwaan 4 minuten; op D5 sjoch ik de seksuele slachtoffers fan de kristlike tsjerke, dy't de feiten bedobje soe; op E4 sjoch ik minsken yn dit lân, dy't it finansjeel min ha en fan wa't noch mear nommen wurde sil; op fjild F3 sjoch ik âlde en jonge minsken dy't it libben net mear oankinne en yn alle iensumens belies jouwe.

En op fjild H1? Dêr stean iksels. Ik wit wol, dêr hie de Kening stean moatten.

Mar as jo dy sykje, moatte jo oer it boerd hinne sjen, yn 'e fierte. It krús yn it midden stiet wat heger. Dêr ha'k Him krusige.

Ik ha Him dêr krusige om't ik net blaft ha tsjin alle ûnrjocht, it wrede geweld en it stille fertriet om my hinne.

En wylst de sinne noch hieltyd baarnt op it neakende lichem fan myn Hear, doch ik de mûle net iepen. Ik wol der net te ticht by stean.

It moat in panorama bliuwe. Hy sil my net yn 'e eagen sjen. Wylst ik syn hûn wêze woe, bin 'k lykwols net fierder kaam as fjild H1.

Canis Domini. De hûn fan de Hear.

Hy hie blaffe moatten, mar út leffens en skamte, hat er swijd.

*Luit Zuurman*